

REGISTRAASJE FAN FAMYLJEWAPENS



Fryske Rie foar Heraldyk

Ynhâldsopjefte

YNLIEDING	2
1. ALDE WAPENS	3
2. NIJE WAPENS	4
2.1. OANFRAACH REGISTRAASJE	4
2.2. KOSTEN.....	4
2.3. REGISTRAASJE	4
2.4. KOPY	5
2.5. WAPENREGISTER.....	5
3. KRITÉARIA FOAR DE REGISTRAASJE FAN FAMILJEWAPENS	6
3.1. ALGEMIENE REGELS EN KRITÉARIA.....	6
4. ALGEMIENE HERALDYSKE KRITÉARIA.....	7
5. SPESIFYK HERALDYSKE REGELS EN KRITÉARIA YN IT BYSÛNDER OANGEANDE TE ÛNTWERPEN WAPENS	8
6. REGISTRAASJE.....	9
7. NEIERE YNFOARMAASJE	10

Ynlieding

Yn Nederlân stiet it elkenien frij om in famyljewapen te fieren of ien ûntwerpe te litten. Allinne de wapens fan publykrjochtlike ynstânsjes en fan 'e adel wurde troch de oerheid fêststeld en registrearre by de 'Hoge Raad van Adel'.

Dêrnjonken stelle in soad boargerfamyljes der priis op om harren wapen oan in saakkundich ûndersyk te ûnderwerpen en dêrnei registrearje te litten en iepenbier te meitsjen. Dat kin wêze om't der fan in al lang fierd wapen ûnwissichheid ûntstien is oer de kreative foarstelling of de kleuren; dat kin ek wêze om't men in nij oan te nimmen wapen hifkje en fêstlizze wol. In famyljewapen heart no ienkear te foldwaan oan 'e regels en tradysjes fan 'e heraldyk. Net earder as dan komt de rike tradysje fan 'e wapenkunde yn it eigen wapen ta syn rjocht.

De Fryske Rie foar Heraldyk (F.R.f.H.) is in ûnôfhinklike ynstelling, sûnder doel om winst te meitsjen, fallend ûnder de Fryske Akademy, dy't û.o. de beoefening en de ferskate tapassings fan 'e heraldyk befoarderet.

Yn it ramt fan dy doelstelling hat de F.R.f.H. tagong ta grutte en weardefolle heraldyske samlings, dy't beskikber binne foar ûndersyk. Dy samlings, dêr't neist dy fan 'e Fryske Rie foar Heraldyk sels, ek dy fan Tresoar (ûnder mear it eardere Ryksargyf yn Fryslân), it 'Centraal Bureau voor Genealogie' (CBG) en it 'Koninklijk Nederlandsch Genootschap voor Geslacht- en Wapenkunde' ta hearre, foarmje de meast mûnske heraldyske dokumintaasje yn Nederlân.

1. Alde wapens

As dêr gjin wissichheid oer bestiet, is it needsaaklik om nei te gean (of neigean te litten) oft de famylje earder al in wapen fierd hat. It bart net selden dat âlde wapens al iuwen lyn yn ûnbrûk rekke binne en no, weromfûn yn argyfstikken of heraldyske samlings, wer yn eare brocht wurde as symboal fan it famyljeferbân tusken persoanen mei deselde famyljenamme.

Dêrta is it lykwols needsaaklik om earst de genealogy, de famyljeskiednis te kennen om 'e famyljelaasje oantoane te kinnen mei dejinge dy't earder it wapen fierden. It jout yn 'e heraldyk gjin foech om samar it wapen fan in famylje mei deselde namme oer te nimmen. It wapen tsjinnet krekt om 'e iene famylje fan 'e oare ûnderskiede te kinnen.

2. Nije wapens

Wa't net sa lokkich is in âld wapen te hawwen, kin sûnder beswier ien ûntwerpe (litte) en oannimme. It is in logysk gefolch fan 'e oanhâldene niget oan heraldyk. It is goed om dêrby net oer ien nacht iis te gean. Saakkundige heraldisy kinne jo dêrby skewiele.

Om ta in ferantwurde kar te kommen, is it goed om op 'e hichte te wêzen fan 'e basisregels en de terminology yn 'e heraldyk. In goed oersjoch biedt bygelyks H.K. Nagtegaal, '*Heraldisch vademecum*', CBG-rige nûmer 20 (De Haach 2003).

It is oan te rekommandearjen om foar't men ta it fêststellen fan in wapen oergiet, ta oriïntaasje kontakt mei de Fryske Rie foar Heraldyk (F.R.f.H.) op te nimmen. It is mooglik om in eigen wapenûntwerp troch de F.R.f.H. beoardielje te litten, of it wapen troch de F.R.f.H. ûntwerpe te litten.

2.1. Oanfraach registraasje

Foar de registraasje fan wapens by de F.R.f.H. jilde kritearia, dy't hjir opnommen binne en dy't yn grutte halen oerienkomme mei dy fan it CBG yn De Haach.

2.2. Kosten

De kosten fan registraasje (ynklusyf de beoardieling, in swart/wyt kopy fan 'e registraasjetekening, de registraasje yn it Genealogysk Jierboek fan 'e Fryske Akademy en in oerprintsel dêrút) binne € 110,00. As de F.R.f.H. it ûntwerp foar it famyljewapen makket, dan binne by dat bedrach op syn heechst twa ûntwerpen ynbegrepen. Mochten meardere ûntwerpen makke wurde moatte, dan wurdt it bedrach ferhege mei € 25,00 foar alle makke ûntwerpen it stik.

As bliken docht dat it nedich is dat de F.R.f.H. boarnen by oare ynstânsjes rieplachtsje moat (nei oerlis), dan wurde de kosten dy't dêr mooglik foar makke wurde, oan 'e opdrachtjouwer trochberekene. Mocht de oanfraach ôfwisd of ynlutsen wurde, dan wurdt it betelle bedrach útsein € 40,00 foar de makke kosten, weromstoart.

Ekstra mooglikheid is in hânskildere wapen by de rie meitsje te litten (priis en útfiering yn oerlis mei de oanbelangjende wapentekener).

2.3. Registraasje

Registraasje kin oanfrege wurde troch kontakt op te nimmen mei de skriuwer of ien fan 'e leden fan 'e F.R.f.H.

Giet it om in eigen ûntwerp, dan wurdt sekuer neigien oft registraasje ferantwurde is en wurdt it wapen hifke oan 'e regels fan 'e heraldyk.

De oanfreger moat ek oanjaan troch wa't it wapen fierd wurde mei. It fersyk moat dêrom beselskippe wurde fan 'e genealogyske gegevens fan 'e stamâlden fan 'e wapenfierder(s).

Wannear't it om in al earder fierd wapen giet, moatte de nedige bewiisstikken oerlein wurde dêr't út bliken docht dat de belanghawwenden en eardere brûkers fan it wapen besibbe binne.

It fersyk moat fierders beselskippe wêze fan in safier mooglik opfierde bewiisde stamrige (op syn minst oant yn 'e earste helte fan 'e njoggentjinde iuw, mei taheakke dokumintaasje).

Yn 'e measte gefallen folget neier oerlis mei de oanfreger. Yn guon gefallen sille feroarings yn it ûntwerp foarsteld wurde.

It foarstel ta registraasje wurdt dêrnei foarlein en besprutsen yn 'e earstfolgjende gearkomste fan 'e F.R.f.H., en dêrnei folget in beslút.

2.4. Kopy

As it akkoart is wurdt oan 'e oanfreger in kopy fan de foar de registraasje te brûken tekening taskikt mei de beskriuwing fan it wapen en de gegevens oer de oarsprong fan 'e famylje (yn alle gefallen fan dy foarâlders, fan wa't it neiteam berjochtige wurde om it wapen te fieren) en it adres fan 'e ynstjoerder, lykas dy foar de registraasje brûkt wurde sille.

By in âld wapen wurdt oanjûn wa't it wapen fierd hat en op hokker wize de oanfreger oan dy persoan besibbe is.

2.5. Wapenregister

In kopy fan 'e registraasje wurdt yn it argyf fan 'e Fryske Rie foar Heraldyk opnommen. Dêrnjonken wurdt it wapen publisearre yn it '*Genealogysk Jierboek*' fan 'e Fryske Akademy. Dat '*Jierboek*' wurdt ek opnommen yn 'e ferskate biblioteken en argiven. It wapen sil ek opnommen wurde yn in digitaal wapenregister en yn it oersjoch '*Bibliografyske Fynplakken*'.

3. Kritearia foar de registraasje fan famyljewapens

3.1. Algemiene regels en kritearia

- 3.1.1.** Foar registraasje komme yn oanmerking wapens fan famyljes en persoanen, dy't in bân mei Fryslân hawwe, lykas famyljes dy't:
- yn Fryslân wenje (en de Nederlânske nasjonaliteit hawwe), of
 - fan Frysk komôf binne.
- 3.1.2.** Registraasje kin syn beslach krije foar:
- in persoan en syn eventuele neiteam yn 'e manlike line; of it moast wêze dat oars bepaald is, kinne ek sibben yn 'e froulike line fan dit wapen gebrûk meitsje;
 - neiteam yn manlike line fan in beskate foarfaar;
 - in persoanlik wapen.
- 3.2.1.** Foar registraasje komme yn oanmerking sawol wapens dy't al earder fierd binne as wapens dy't koartlyn ûntwurpen binne (en oan 'e jildende kritearia foldogge).
- 3.2.2.** Earder fierde wapens kinnen registrearre wurde foar harren dy't in agnatyske sibskip mei de eardere wapenfierder oantoand hawwe. Utsûndere binne wapens dy't ûnder persoanlike omstannichheden oannommen of ferliend binne. Dy wurde allinne mar foar streekrjochte ôfstammelingen registrearre.
- 3.2.3.** Yn bysûndere gefallen kin in wapen registrearre wurde foar ôfstammelingen yn froulike line.
- 3.2.4.** Troch de heit erkende bern fiere syn namme en meie syn wapen fiere.
- 3.2.5.** Bern fan in net-troude frou dy't net troch de heit erkend binne, kinne in nij wapen fiere of harren memmewapen foarsjen fan in brek. Yn bysûndere gefallen kin it ûnder 1.2.3. stelde tapassing fine.

4. Algemiene heraldyske kritearia

- 4.1.** De Fryske Rie foar Heraldyk beoardielet de te registrearjen wapens nei de yn 'e Nederlânske heraldyk jildende regels en gewoanten en rekken hâldend mei de Fryske eigenaardichheden. Dy hâlde û.o. yn dat gjin komplisearre skylddielings, gjin oerdiedigens oan figueren en leafst gjin bûtenwenstige figueren tapast wurde. Utsûnderings dêrop kinne makke wurde by wapens fan bûtenlânske komôf of nije ûntwerpen foar ynwenners fan Fryslân mei in bûtenlânske komôf.

Foar it tapassen fan de saneamde Fryske heale earn yn nij te ûntwerpen wapens, moat in goede reden oanfierd wurde, lykas ôfstamming fan eigenierden, famylje mei bestjoerlike taken of eigner fan in stimhawwende pleats.

- 4.2.** Wapenbeskriuwings wurde steld yn 'e Nederlânske en Fryske heraldyk wenstige terminology.
- 4.3.** De motiven dy't oan it ûntwerp fan in te registrearjen wapen de grûnslach lizze, binne mei fan ynfloed op it oardiel fan 'e F.R.f.H.
- 4.4.** It te registrearjen wapen mei net identyk wêze oan dat fan in publykrjochtlik lichem of oan in wapen dat al troch in oare famylje fierd wurdt of waard. Likemin mei it sa lykje op besteande wapens dat betizing ûntstean kinne soe.
Op it boppesteande kin ien útsûndering makke wurde, as it troch de famylje fan 'e oanfreger sûnt ien iuw oantoanber fierd is.
- 4.5.** De útfiering fan de by de registraasje brûkte tekening wurdt bepaald troch de tekener fan 'e F.R.f.H.

5. Spesifyk heraldyske regels en kritearia yn it bysûnder oangeande te ûntwerpen wapens

- 5.1.** In wapen bestiet yn prinsipe út: in skyld en in helm mei helmteken, helmkleed en wrong.
- Yn guon gefallen kin in helmteken weilitten wurde of allinne in skyld registrearre wurde.
- 5.2.** It skyld.
- in hertskyld wurdt by foarkar brûkt wannear't it om in wapen fan in hearlikheid giet.
 - eksoatyske of anagronistyske figueren wurde net brûkt, of it moat wêze op in yn 'e heraldyske symbolyk passende wize of op syn minst yn in op heraldyske wize stilearre foarm.
- 5.3.** Helm, helmkroan, helmteken, helmkleed en wronge.
- soart en útfiering fan 'e helm wurdt net oanjûn, likemin as de posysje dy't foar in part bepaald wurdt troch de stân fan it helmteken.
 - in helmkroan wurdt allinne registrearre as dy sûnt in iuw fierd wurdt. Hy bestiet út in gledde bân, trije blêden en twa pearlepunten.
 - in eigenierde- en húsmannekroan wurdt allinne registrearre, as út ûndersyk oantoanber bewiisd is, dat der oanspraak op makke wurde kin.
 - kroanen wurden fêststeld oan 'e hân fan de kroanetafel fan de F.R.f.H.
 - helmkleed en wronge fertoane yn prinsipe de wichtichste kleur en it wichtichste metaal fan it skyld. (Metalen wurde foar it helmkleed beskreaun as giel en wyt).
- 5.4.** Fersierings.
- skyldhâlders wurde yn prinsipe allinne registrearre as se sûnt in iuw oantoanber fierd binne.
 - spreken en devizen kinne yn prinsipe registrearre wurde.

6. Registraasje

Registraasje krijt syn beslach nei't de F.R.f.H. dêrta besluten hat en oan 'e finansjele ferplichtings foldien binne.

Taljochting op 'e kritearia

3.1.2. Oer it algemien wurdt in nij ontwurpen wapen registrearre op fersyk fan 'e oanfreger. Ymplisyt bart dat foar himsels en eventuele ôfstammelingen yn manlike line sûnder dat dat spesjaal fermeld wurdt.

Yn oare gefallen moat de oanfreger oanjaan hokker sibben berjochtige wurde om it wapen te fieren. Dat binne dan de neikommelingen fan in fan de foarfaars yn rjochte line (bygelyks it neiteam fan 'e oerpake fan 'e oanfreger).

Agnatyske sibben kinne itselde wapen (mooglik foarsjoen fan in brek) registrearje litte as de oanfreger de rûnte fan rjochthawwers net hat beheind en as it wapen gjin refleksje is fan persoanlike omstannichheden fan 'e oanfreger (lykas berop, famylje-omstannichheden, ferlykje kritearium 3.2.2. foar deselde sitewaasje by âldere wapens).

De oanfreger kin bygelyks yn ferbân mei it hjirboppe neamde, de rûnte fan rjochthawwers ek beheine ta bygelyks de agnatyske ôfstammelingen fan in beskaat echtpear.

3.2.3. Yn iet algemien giet de F.R.f.H. der fan út dat in wapen de funksje hat om famyljes fan elkoar te ûnderskieden en dat dêrom in wapen allinne yn manlike line ferervet.

Der kinnen harren lykwols sitewaasjes foardwaan dat in wapen yn froulike line ferervje kin:

a. Yn ferbân mei ferskate famylje-omstannichheden kin it wapen fan in oantroude famylje mei dat fan heitekant kombinearre wurde.

b. Wannear't in famylje útstoarn is kin njonken de ûnder a. neamde oplossing, ek it net-brutsen wapen troch in direkte ôfstammeling yn froulike line fierd wurde ynstee fan it eigen wapen.

c. by nammeferoaring fan 'e heitenamme yn dy fan 'e memmenamme, wannear't de lêste famylje net útstoarn is (ferlykje ûnder b), binne de folgjende mooglikheden der:

- it wapen fan heitekant wurdt fierder fierd, of it moat wêze dat in brek tapast wurdt;
- it wapen fan memmekant wurdt mei dat fan heitekant kombinearre (ferlykje ûnder a).

Yn dizze beide gefallen bliuwt de genealogyske komôf dúdlik.

- it wapen fan memmekant kin fierd wurde.

3.2.5. foar it brekken fan in wapen bestean ferskate mooglikheden, dy't mei ôfhinklik binne fan it wapenbyld en dy yn nau oerlis mei de F.R.f.H. bepaald wurde kinne. As earste opsjer foar in brek hat de kleureferoaring de foarkar.

7. Neiere ynformaasje

Foar neiere ynformaasje oer wapenregistraasjes kinne jo kontakt opnimme mei:

K.J. Bekkema, skriuwer Fryske Rie foar Heraldyk

Til.: 06 - 225 621 65

e-mail: heraldyk@pergo-et-perago.nl / heraut@pergo-et-perago.nl

Ynternet: oer de webside fan 'e Fryske Akademy:

<https://www.fryske-akademy.nl/kennis-en-mienskip/wurkgroepen-en-studzjerunten/fryske-rie-foar-heraldyk/>

© Wizigings foarbehâlden – lêste korreksje op 17 jannewaris 2025 (R.J. Broersma)

Tekst en kritearia basearre op 'e registraasjebetingsten fan it CBG yn Den Haag